



# **GJIN BERIK OP ADEMA STATE**

(Geen bereik op Nooitgedacht)

**Komeedzje yn fjouwer bedriuwen**

**fan**

**ARIS BREMER**

**Fryske oersetting**

**Betty Schilstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GJIN BERIK OP ADEMA STATE - GEEN BEREIK OP NOOITGEDACHT** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

## **PERSOANEN:**

Maarten de Geus – rike projektûntwikkelder, 60 jier, 30 jier troud mei

Anna de Geus-Klaver - statusbewuste frou, 50 jier, mem fan

Maaïke de Kat-de Geus – elegant mar ûnseker, 34 jier, frou fan

Tom de Kat – soargeleaze skilder

Cindy de Kat – harren sympatike mar ek eigensinnige dochter, 16 jier

Hanneke de Geus – de striidbere dochter fan Marten en Anna, 28 jier

Gerard Tolsma – de yntrigearjende eks fan Hanneke

Bets Adema- van Oord – de dominante “boerinne”, 55 jier, frou fan

Douwe Adema – ekspostrinder, is mei tsjinsin “boer”, 55 jier

Bertha Adema - de simpele mar rymjende suster fan Douwe

## DEKÔR:

In part fan in âlde pleats. In simpel sitsje foar de eardere mendoarren. Yn dy mendoarren jout in lytsere doar tagong ta in ferbliuwsromte. Op de doarren stiet “Adema State” en 1880.

Yn de muorren oan wjerskanten in rût fan in stâl, tsjin de muorre âld boere-ark, in busserek en in klomperek.

Links in paad nei (út it sicht) it wenhûs en in stikje fan it hiem as parkearterrein.

Rjochts in paad nei (út it sicht) de oare gebouwen en in appelhûf

As dit as iepenloftstik spile wurdt, kin links it paad en de keukendoar fan it wenhûs en rjochts it paad, it húske en in appelbeam tapast wurde. De yn de dialogen neamde ynsidinten op dy plakken kinne dan ek sichtber realisearre wurde.

## EARSTE BEDRIUW

*(in sinnige simmerske freedtemiddei. Douwe en Maaïke komme op Douwe hat in blauwe overall oan, Maaïke hat foar dizze omjouwing te sjike klean oan)*

**DOUWE:** No, mefrou, dit wie it dan. Hjir kinne jo en jo famylje wol sitte as it waar in bytsje minder wurdt. Je witte it mar nooit. It is no noch lekker bûten, mar as it dêrboppe los giet.... sykje dan mar gau in droech plakje. En dat fine jo yn 'e stâl.

**MAAIKE:** Tocht ik it net. It is dus doch in stâl.

**DOUWE:** Nee, it wie de stâl. Der steane no al jierren gjin kij mear yn.

**MAAIKE:** Mar je rûke dy bisten noch hieltyd.

**DOUWE:** Ja, mar dat is in lekker rookje, doch?

**MAAIKE:** Lekker? Under in 'lekker rookje' ferstean ik wol wat oars.

**DOUWE:** No 't jo it sizze, mefrou sels rûkt yndied wol hiel oars. *(wol nei links ta)*

**MAAIKE:** Ien momint. *(Douwe stoppet)* It is dus sa, dat wy hjir it hiele wykein trochbringe moatte?

**DOUWE:** Och, moatte? It is gjin kwestje fan moatten. We libje yn in frij lân.

**MAAIKE:** Ik bin bang dat ik in hiele protte fragen ha.

**DOUWE:** Fragen? Foar fragen moatte jo net by my wêze, mefrou. Mem giet oer de fragen en mem giet oer de antwurden.

**MAAIKE:** Mem?

**DOUWE:** Myn frou.

**MAAIKE:** Dan wol ik jo frou graach te wurd, mynhear Adema.

**DOUWE:** Ferjit dat mynhear mar gau. Ik bin hjir foar elkenien Douwe. Douwe de 'ouwe' sis mar.

**MAAIKE:** Och, wat is âld.

**DOUWE:** Ik soe jo heit wêze kinne.

**MAAIKE:** Kwa leeftyd miskien.

**DOUWE:** Mar ik tink net dat ik it bin.

**MAAIKE:** Nee, it idee. Jo binne mei pensjoen?

**DOUWE:** Dat net. Ik koe myn wurk net mear dwaan. WAO. Ik wie allergysk foar postsegels.

**MAAIKE:** Postsegels? Jo? As boer?

**DOUWE:** O, mar net allinne foar postsegels. Ik bin ek allergysk foar... no ja, ik bin gewoan allergysk en al lang oer datum. Lokkich hat mem my noch net oan 'e dyk setten. Jo sjogge wat berûn. Dy oare dame seach derút as in strieljende sinne.

**MAAIKE:** Dy oare dame?

**DOUWE:** Ja, dy kaam in oere lyn it hiem opriden.

**MAAIKE:** En wie dat ús mem of... nee, strieljend, seinen jo? Dan kin dat ús mem net west ha.

**DOUWE:** Dizze dame wie jo mem net, dat is wol wis.

**MAAIKE:** Dan is it Hanneke fansels west.

**DOUWE:** Ja, it wie Hanneke.

**MAAIKE:** Kenne jo har dan?

**DOUWE:** Nee, Eh.. se neamde har namme. Ja, dat wie it.

**MAAIKE:** Wêr is myn suster no?

**DOUWE:** Gjin idee. Miskien is se nei it doarp riden. Ja, dat is sa. Se moast even nei de gemeente of de notaris.... hoe kom ik dêr no doch by.... se woe wat op 'e post dwaan. En nei de winkel, boadskipje, tink ik. Ik fertelde har noch wêr't mem de boadskippen docht. De Super is rjochts fan de Sinees. Of links. Dat is mar krekt ast dat fan binnen of fan bûten besjochst. *(sjocht dat Maaike har smartphone pakt)* Wat sille jo dêrmei?

**MAAIKE:** *(kiest nûmer; út de hichte)* Myn suster hat dit hjir by jo regele en ik sil har even myn réaksje hearre litte.

**DOUWE:** Dat kinne jo wol ferjitte, dame.

**MAAIKE:** Jo wolle my doch net tsjinhâlde?

**DOUWE:** Fansels net, mar it is sa sinleas.

**MAAIKE:** Dat bepaal ik sels wol. *(sjocht nei har telefoan)* Wat is dit no?

**DOUWE:** It is sinleas, sei ik doch. Jo ha hjir gjin berik.

**MAAIKE:** Gjin berik?

**DOUWE:** Nee, hielendal neat.

**MAAIKE:** Ha jo wol WiFi?

**DOUWE:** Oft ik wat ha?

**MAAIKE:** WiFi? Ynternet?

**DOUWE:** Nee, dat wol hjir net. Dêr hienen eardere gasten it ek al oer. It is hjir wat te fier út it doarp.

**MAAIKE:** It is hjir in wite flek op 'e kaart. In ûnderûntwikkele gebiet.

**DOUWE:** Dat is no ek wol slim oerdreaun.

**MAAIKE:** It is in ramp.

**DOUWE:** Nee, dame, it is in segen. Alle gasten erfare dat sa. No, ja, de measte gasten. Guon sitte de earste oeren mei harren apparaten op 'e knibbels mei de tommen te draaien, mar nei in skoftsje wurdearret elkenien de rêst.

**MAAIKE:** Rêst fyn ik prima, mar ik moat wol berikber wêze.

**DOUWE:** Ja, wy ha fansels wol in fêste telefoan, mar...

**MAAIKE:** O. Krekt. Moai. Mei ik dy dan no fuort even brûke. Myn man en de bern binne ûnderweis... ik moat se ynformearje... Dy telefoan, ha jo dy gewoan yn 'e hûs?

**DOUWE:** Ja, hiel gewoan.

**MAAIKE:** Wolle jo my dy dan even wize?

**DOUWE:** Ja, mar dat hat net folle sin.

**MAAIKE:** Oft dat sin hat, bepaal ik sels wol. En dêrby, ik betelje fansels de telefoankosten.

**DOUWE:** Sjoch, dat wie mem ferjitten.

**MAAIKE:** Wat?

**DOUWE:** De telefoanrekken te beteljen en no binne we ôfsnien. Dus..

**MAAIKE:** Wat slim!

**DOUWE:** Falt wol wat ta. As it slim driuwend is kinne we wol by de buorlju terjochte.

**MAAIKE:** Dy ha wol in telefoan? Wenje dy hjir tichtby?

**DOUWE:** Falt ek wol ta. In stiif kertierke rinnen.

**MAAIKE:** Kin ik....?

**DOUWE:** Mar de buorlju binne no mei fakânsje.

**MAAIKE:** Hoe moat ik no... Ik woe myn man witte litte hokker rûte hy nimme moat. Hy is ûnderweis mei de bern en Tom... myn man hjit Tom.... Tom hat gjin TomTom... sels dêr is hy te ûnhandich foar.

**DOUWE:** Dat falt wol ta. Hy rêdt him ek wol sûnder TomTom.

**MAAIKE:** Ha, jo kenne myn man net.

**DOUWE:** Hy is hjir al in skoftsje.

**MAAIKE:** Wat?!

**DOUWE:** Se binne hjir al in heal oere. Jim bern wienen net te hâlden doe 't se dy hutte yn de beam seagen. Wat in skatten fan bern. Se genietsje, se binne hjir noch net iens binnen west.

**MAAIKE:** In hutte yn in beam?

**DOUWE:** Mei sa'n hutte hast der gjin bern mear oan.

**MAAIKE:** En wat no as se derút falle?

**DOUWE:** Bern binne krekt appels. Se falle pas as se ryp binne.

**MAAIKE:** Ik wol it earst sjen.

**DOUWE:** Rin mar even mei. Dan kin ik jo ek even fertelle wêr't it húske is. Dat moatte jo sjen. Dêr binne we hiel grutsk op. (*nei rjochts*) Sjoch! Dêr boppe de sleat.

**MAAIKE:** (*folget him*) It húske, sizze jo? Bedoele jo, dat we bûten yn dat hok...?

**DOUWE:** O, nee, mefrou. Dat kin net. Dat mei dêr net.

**MAAIKE:** Mar jo seinen...



**DOUWE:** Wy soenen it wol graach wolle, mar it mei net. As ien fan de gemeente it sjocht, binne we sa de fergunning kwyt. En we moatte noch wol even sa troch.

**MAAIKE:** En de bern, wêr fyn ik dy?

**DOUWE:** Dêr neist it húske is in brechje oer de sleat en dêr achter is links it hinnehok en rjochts it appelhûf. Jo fine it wol. (*Maaïke rjochts ôf, Douwe komt werom; foar him út*) En oars mar net. Bets!

**BETS:** (*yn blauwe overall op fan links*) Binne de gasten der al, Douwe?

**DOUWE:** Nee, it âlde stel sels moat noch komme.

**BETS:** It âlde stel? Se moatte sa ûngefear fan ús leeftyd wêze.

**DOUWE:** No, dan binne se doch âld.

**BETS:** Bytsje op leeftyd heart freonliker. Is de rest fan de famylje binnen of noch bûten?

**DOUWE:** (*wiist nei rjochts*) Se binne dêr.

**BETS:** Moai, dan kin ik noch even spuitsje.

**DOUWE:** Al wer?

**BETS:** Ja, better in kear tefolle as te min.

**DOUWE:** Do dochst neat leaver. (*nei links*)

**BETS:** Douwe!

**DOUWE:** Ja? (*bliuwt stean*)

**BETS:** Hasto Bertha sjoen?

**DOUWE:** Nee, hoesa?

**BETS:** Hoesa? Doch net sa ûnnoazel. Do witst dat ik har noait op 'e gasten los litte wol as ik dy noch net oer har ynlochte ha.

**DOUWE:** O, dat.

**BETS:** Of hasto dat al dien.

**DOUWE:** Wat dien?

**BETS:** De gasten oer Bertha ferteld.

**DOUWE:** Wat moat ik oer har fertelle.

**BETS:** Warskôgje.

**DOUWE:** Dat se har net aaie meie of sa? Se byt net (*nei links*)

**BETS:** Mar de gasten moatte har wol op ôfstân hâlde. Do bist doch net ferjitten hoe't se ferline wike dy Dútske frou oan 't skrikken brocht hat.

**DOUWE:** Dat wie in grapke fan har.

**BETS:** In biezem op bêd lizze is gjin grapke mear. Dat binne nuvere streken. Bertha mei net yn it gasteferbliuw komme. Hearst my?

**DOUWE:** Salang't sy mar gjin deade rô't yn it bêd stoppet. Soks die sy eartiids wol es as ús heit-en-dy nei it koar wienen. No, en dy "fraulein" koe der wol om laitsje.

**BETS:** Mar wa koe earst wer alles rjocht prate?

**DOUWE:** Mem. Mem praat rjocht wat krom is. (*nei links*)

**BETS:** Om't har man te dom is.... Douwe! (*Douwe bliuwt stean*) Wat silsto?

**DOUWE:** Wat ik as postrinner ek altyd om dizze tiid die. Even in tukje nei myn omgong.

**BETS:** Do bist al jierren gjin postrinner mear.

**DOUWE:** Mar in slach troch it doarp doch ik noch hieltyd. No sûnder post mar wol mei wille.

**BETS:** Goed, dat hast krekt dien, dus kinst no...

**DOUWE:** Myn tukje dwaan.

**BETS:** Do bist no al jierren de boer, Douwe.

**DOUWE:** Lokkich wol in boer dy 't net buorket.

**BETS:** Mar do moatst wol de boer spylje.

**DOUWE:** Dat moat mei klaverjasse, Bets.

**BETS:** Do begrypst my wol. De gasten komme hjir op in buorkerij. Dêr wolle se in boer sjen. Dus, do giest earst nei de hinnen. Sjoch mar even as se al in aai lein ha.

**DOUWE:** Dus, dy hinnen meie wol lizze en ik net. (*protteljend nei rjochts*)

**BETS:** En ferjit dit kear net om se te fuorjen en ...

**DOUWE:** En fris wetter te jaan. Ik wit it sa stadichoan wol. (*ôf*)

**BETS:** (*ropt him nei*) En as se al aaien lein ha, dan... !

**DOUWE:** (*út it sicht*) Ja-a!

**BETS:** (*foar har út*) Wat der doch mei him is, ik wit it net. Hy soe der sa mei ophâlde wolle. En it giet krekt sa lekker. Is it no sa dreech om foar boer en boerinne te spyljen. Lûkst gewoan in blauwe overall oan en soargest derfoar datst wat nei in buorkerij rûkst... (*Bets ôf troch de doar. Lit dizze iepen stean. Fan links komt Bertha op, folge troch Anna. Bertha is in bern yn it lichem fan in frou. Se sjocht der wat betize en ferwaaid út. Anna is in deftige frou*)

**BERTHA:** Hoe hjitte jo eins?

**ANNA:** Ik bin mefrou de Geus.

**BERTHA:** Jo lykje wol in reus.

**ANNA:** Pardon.

**BERTHA:** Dat rimet. Geus. Reus (*bliid*)

**ANNA:** Yndied, dat rimet. (*lústert mar heal; sjocht om har hinne*)

**BERTHA:** Ik hjit Bertha. Mar der rimet neat op Bertha.

**ANNA:** Nee.

**BERTHA:** Bertha Adema.

**ANNA:** (*ynienen ynteressearre*) Wat sizze jo? Hjitte jo Adema?

**BERTHA:** Sa hjitte we hjir allegear. Ik kin wol goed rymje mar ik wie op skoalle altyd wol wat achter en sa.

**ANNA:** Soa...

**BERTHA:** Mar ik bin net achterlik, hear.

**ANNA:** Ja, ja...

**BERTHA:** (*ynienen fûl*) Of tochten jo miskien fan wol?

**ANNA:** (*fielt har net maklik*) Nee, nee. Hielendal net.

**BERTHA:** Ik kin goed rymje. Dat is in jefte, seit dûmny. En ik kin sokken breidzje.

**ANNA:** No sjoch es oan, dat kin ik net. Wêr is de boerinne?

**BERTHA:** Boerinne?

**ANNA:** Mefrou Adema. Jo skoansuster. Sy regelt hjir doch alles.

**BERTHA:** O, Bets.

**ANNA:** Jo seinen dat se hjir ergens wie.

**BERTHA:** (*hiel lûd troch de iepen doar*) Bets! Bets! Der is folk foar dy!

**ANNA:** (*suver misledige*) Folk...?

**BERTHA:** Se sil wol oan 't spuitsjen wêze.

**ANNA:** Wat? Spuitsjen?

**BERTHA:** (*gniist*) Se hat in hekel oan flieën.

**ANNA:** Flieën? Binne hjir flieën?

**BERTHA:** Nee.

**ANNA:** Mar spuitet se dan likegoed?

**BERTHA:** Ja, mar dat is miskien tsjin luzen.

**ANNA:** Wat seist my no? Luzen? Binne hjir dan luzen?

**BERTHA:** Nee hear, Bets spuitet gewoan graach. Ik mei it net dwaan, mar sy docht sels.... Ah, dêr is se (*Bets op mei yn beide hannen in spuitbus. De doar bliuwt iepen*) Bets, noch mear gasten. Gasten. Kwasten. (*rjochts ôf*)

**ANNA:** Goemoarn, jo binne mefrou Adema nim ik oan?

**BETS:** Ja, nim dat mar oan.

**ANNA:** Ik bin mefrou de Geus. (*stekt hân út*)

**BETS:** Ah, de âlde mefrou dus.

**ANNA:** De âlde?

**BETS:** No ja, neffens jo dochters. (*regelt wat mei de spuitbussen en jout dan in hân*) Alder wurde went noait. Ik sis leaver in bytsje op leeftyd. Wolkom op Adema State.

**ANNA:** Tanke. Myn dochters seinen jo? Binne dy der dan al?

**BETS:** De iene sûnder man en bern is nei it doarp en de oare plôket man en bern út 'e beam. Jo binne allinne?

**ANNA:** Myn man komt wat letter. (*besjocht troch de iepen doar it ynterieur*)

**BETS:** Dat is no krekt wat myn man ek altyd docht, wat letter komme. Dat begjint moarns al as hy fan 't bêd komme moat. Hy bliuwt it leafst de hiele dei op bêd.

**ANNA:** (*draait har nei Bets*) Oer bêden sprutsen. Oer hoefolle sliepkeamers beskikke wy?

**BETS:** Sliepkeamers binne der net mefrou, der is in sliepsouder.

**ANNA:** Wat? Gjin sliepkeamers?

**BETS:** Hat jo dochter dat net sein? Sy fûn dat no krekt sa geweldich. Mei de hiele famylje op de âlde heasouder. Goed foar de ûnderlinge bân, sei se.

**ANNA:** O. Dat moat Hanneke west ha.

**BETS:** Ja, dy sûnder bern. Sy hat doch doe dit wykein foar jim boek?

**ANNA:** Ik hie it witte kinnen.

**BETS:** Doch gjin problemen yn de famylje?

**ANNA:** Problemen? Nee. Wêrom tinke jo dat?

**BETS:** Om 't se dat sei. Dat fan dy bân.

**ANNA:** Dat ha jo fêst ferkeard ferstien. Wy ha in hechte bân. Gjin problemen. Yn de fierste fierte net.

**BETS:** Ik woe dat ik dat ek sizze koe. Douwe is de âlde net mear en wol graach ophâlde mei dit wurk en Bertha.... no ja, jo ha har sjoen. It is in bêst mins, mar se sit net sa maklik yn elkoar. Mar dêr sil ik jo net mei lestich falle.

**ANNA:** Dat liket my in goed idee. Mar dat dêr... (*wiist nei de spuitbussen*) liket my in minder goed idee. Dy spuitbussen.

**BETS:** Wat is dêrmei?

**ANNA:** It is in âlde pleats.

**BETS:** Adema State. Hjir hat sûnt 1880 altyd in Adema buorke. Mar net elke Adema hat foarút buorke, dat net.

**ANNA:** (*docht in stap nei binnen*) Sa'n âlde pleats liket my in briedplak foar ûngedierte. Jo skoansuster... dy Bertha... se hie it oer flieën en luzen en ...

**BETS:** Bertha mei graach wat pleagje.

**ANNA:** Mar jo spuutsje wol. Wêrtsjin? Miggen? Flieën? Luzen? Teken? Of binne it mûzen? Of noch slimmer, rotten!?

**BETS:** Wat tinke jo wol? It is hjir sa skjîn as de brân.

**ANNA:** Jo spuutsje doch!

**BETS:** Rûke jo neat?

**ANNA:** Ja, ik rûk.... ik rûk allinne de rook fan it plattelân. (*stapt nei bûten*)

**BETS:** Krekt. Dat is wat ik spuutsje. Hjir steane al tsien jier gjin kij mear op 'e stâl, mar ús gasten wolle dy bisten noch wol rûke. Oars krije se gjin buorkerijgefoel. (*lit de spuitbussen sjen*) Sjoch, dit rûkt

nei kij en dit is molke en dong en dit is kuil. Hjir ha 'k noch hea en strie. It plattelân komt gewoan út in buske.

**ANNA:** Om my hienen jo net spuitsje hoecht.

**BETS:** Mar ik spuitsje graach, hear. Sil ik jo dan no mar even nei de sliepsouder bringe. En jo sille nei sa'n lange reis ek wol witte wolle wêr 't de wc is.

**ANNA:** Jo wolle my doch no net fertelle dat we bûten op in.... Ik ha dêr fierderop in houten hokje stean sjoen. Mei sa'n hertsje yn de doar.

**BETS:** Ja, moai, hin? Sa'n âlderwetsk húske.

**ANNA:** Mar dêr gean ik net op sitten! Dat wegerje ik.

**BETS:** Dat mei ek hielendal net! Dat húske is mei subsydzje restaurearre. It stiet dêr allinne foar in plattelânsgfoel. Kom mar mei. De wc's en de badkeamer binne ynstallearre yn it bargehok.  
*(nei de doar)*

**ANNA:** *(folget har)* In bargehok? *(suchtet)* It is allegear sa oars as thús.

**BETS:** O, ha jim thús it húske wol bûten?

**ANNA:** Nee, fansels net, it idee allinne al. *(beide ôf en dogge de doar ticht. Fan links komt Hanneke sjongend op. Se hat simmerske klean oan en hat allegear tassen mei boadskippen by har)*

**HANNEKE:** Joehoe! Wêr is elkenien? *(se docht de doar iepen, sjocht nei binnen, sjocht net ien; bringt de boadskippen nei binnen, rûkt)* Mmm. Hearlik. Plattelân. *(docht de doar ticht)* Fuort mei de stêd! *(sjocht Maaïke fan rjochts opkommen; giet mei iepen earmen nei har ta)* Hoi, grutte sus! Wat sjochst der goed út. Sjuk, hear.

**MAAIKE:** *(bliuwt wat stiif stean)* Hoi Hanneke. Do wiest hjir al in skoftsje, begryp ik?

**HANNEKE:** Ja, ik bin hjir al betiid hinne gien. Hearlik. It is sa'n moaie streek, hjir. Witsto wol dat mem hjir yn har bernejierren wenne hat.

**MAAIKE:** Fansels wit ik dat wol. Mar net yn dit doarp.

**HANNEKE:** Mar hjir lizze wol har 'roots'. Mar, fertel, hoe is it mei dy?

**MAAIKE:** Giet wol.

**HANNEKE:** En mei de bern?

**MAAIKE:** Prima. Se binne wol wat lestich, mar...

**HANNEKE:** En Tom?

**MAAIKE:** Ja, Tom is Tom. Dêr falt net folle oer te fertellen. Hy hat yn elk gefal noch wurk. Is it mei dy no al wat better?

**HANNEKE:** Eins wol goed, ja. Ik sit fol mei plannen. Ik bin in nije faze yngien. As single.

**MAAIKE:** Dat ha we heard, ja. Wêrom eins?

**HANNEKE:** Dêr ha we it letter noch wol in kear oer.

**MAAIKE:** Dat is no sa'n echte Geuzen- siswize. "Dêr ha we it letter noch wol in kear oer". Mar dat letter komt meastal noait.

**HANNEKE:** We ha it no it hiele wykein oan tiid. O, Maaike, ik ha der sa nei útsjoen.

**MAAIKE:** Wêrnei?

**HANNEKE:** Dit wykein hjir. Fynst it hjir net geweldich?

**MAAIKE:** Sorry, Han, mar ik fyn it net geweldich.

**HANNEKE:** O.

**MAAIKE:** Ik fyn it hielendal neat.

**HANNEKE:** Wat bist wer lekker posityf. Tink dy es yn hoe moai as it foar mem is om dit jubileum hjir te fieren. Yn har bertestreek.

**MAAIKE:** Se praat noait oer dy tiid. En dan, wat moatte we hjir no mei ús allen op sa'n pleats. Hast hjir al om dy hinne sjoen?

**HANNEKE:** Fansels. Moannen lyn al. Ik bin hjir doe hinne riden om te sjen hoe't it wie, dêrnei ha ik boekt. Ik wie oan bar. Foar harren 25-jierrich houliksfeest hiesto alles regele.

**MAAIKE:** En elkenien fûn dat in súkses.

**HANNEKE:** Elkenien?

**MAAIKE:** Mem fûn it hotel geweldich. Wy Geuzen fiere ús feesten trouwens altyd yn in hotel. Dat witst ek mar al te goed.

**HANNEKE:** Ik bin der wis fan, dat heit it hjir geweldich fynt. Hy hâldt fan it bûtelibben.

**MAAIKE:** Mar mem út noch yn net. Sy kin net bûten in bytsje komfort.

**HANNEKE:** Komfort? Krekt as thús? Asjeblyft net.

**MAAIKE:** Sa lúks hoecht it no om my ek wer net. Mar sy binne no tritich jier troud. Sa stadichoan komme der al wat krupsjes... by heit foaral....

**HANNEKE:** Dat is wier.

**MAAIKE:** Se kinne hjir net iens lekker sitte. Hasto al sa'n krakkemikkige túnstoel besocht. Langer as in kertier hâldst dat net fol.

**HANNEKE:** Do oerdriuwst wer krekt as altyd. Boppedat binne we hjir net om te sitten. Bist al yn it appelhûf west.

**MAAIKE:** Ja.

**HANNEKE:** Fynst it net lustoard? Ik waard hielendal lyrysk.

**MAAIKE:** Ik earder panyk. It earste dat ik seach wie dy saneamde beamhutte.

**HANNEKE:** Prachtich doch! Witsto net mear hoe moai wy it eartiids by pake en beppe fûnen as wy dêr yn de appelbeam klimme mochten. Dy grutte beam achter yn de notaristún.


**MAAIKE:** Ik fûn dêr neat oan.

**HANNEKE:** Mar do klomst wol.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**